
KEATSKAMP
Kriichsmacht
2019
Programm a boekie
1, 2 en 3 maaie
KF Easterein

## 6e keatskamp Keatsferiening Easterein!

**It is wer maaitiid en it keatsseizoen stiet wer foar de doar. Lykas oare jierren traapje wy ek dit jier wer ôf mei it keatskamp. Nei de lustrumedysje fan ferline jier is it alwer de 6e kear dat De Skoalleseize it toaniel is fan dit grutte spektakel.**

Wat is in keatskamp sûnder tema? Neat fansels, en dêrom is dat dit kear Kriichsmacht! It belooft wer in prachtich moai barren te wurden, ûnder lieding fan ús entûsjaste keatskampkommisje besteande út Selma, Marije, Imke, Sieta en Marco.

De kommisje is sûnt it winterskoft alwer drok dwaande mei harren tariedings. It programma bestiet wer út tal fan leuke aktiviteiten, wêrby de bûnte jûn fansels net ûntbrekke mei. Koartom, der is wer genôch om nei út te sjen!

Ik wol dan ek graach út namme fan it haadbestjoer fan Keatsferiening Easterein alle dielnimmers, de keatskampkommisje en alle train(st)ers, begelieders en âlders in protte (keats)wille tawinskje tidens it keatskamp!

Dirk-Yde Sjaarda
*Foarsitter Keatsferiening Easterein*





## Programma Keatskamp 2019



**Woansdei 1 maaie**

| | |
|---|---|
| 13.00 oere | Sammelje op it keatsfjild, sliepspul te plak |
| 14.00 oere | Ôftraap keatskamp en klearmeitsje foar it trainen |
| 15.00 oere | Trainen |
| 17.00 oere | Ûnder de brûs |
| 18.00 oere | Waarm ite |
| 18.30 oere | *Kabouters gean nei hûs (graach ôfmelde by de trainer)* |
| 19.00 oere | Rekreaasje |
| 21.30 oere | Sliepen jongste dielnimmer |
| 21.30 oere | Aktiviteit skoaljeugd<br>Sliepe âldste dielnimmers |





**Tongersdei 2 maaie**

| | |
|---|---|
| 07.30 oere | Moarnsrin skoaljeugd |
| 08.00 oere | Opstean |
| 07.45 oere | *Kabouters binne wolkom* |
| 08.15 oere | Moarnsbrochje |
| 09.00 oere | Klearmeitsje foar it trainen |
| 09.30 oere | Trainen |
| 12.00 oere | Lunchen |
| 13.00 oere | Rekreaasje troch it doarp |
| 15.00 oere | Trainen |
| 17.00 oere | Ûnder de brûs |
| 18.00 oere | Waarm ite |
| 19.00 oere | Taberiede 'Bonte jûn' |
| 19.30 oere | 'Bûnte jûn' mei nei ôfrin disko. Feestmomint foar freonen en famylje!<br>Bûnte jûn is oant ± 21.00 oere *Kabouters binne frij om te bliuwen as om no nei hûs ta te gean (graach ôfmelde by de trainer)* |
| 21.30 oere | Sliepe jongste dielnimmers |
| 22.00 oere | Sliepe skoaljeugd |

**Freed 3 maaie**

| | |
|---|---|
| 07.30 oere | Moarnsrin skoaljeugd |
| 08.00 oere | Opstean |
| 07.45 oere | *Kabouters binne wer wolkom* |
| 08.15 oere | Moarnsbrochje |
| 09.00 oere | Opromje en ynrin rekreaasje |
| 10.00 oere | Ronde 1 – ûnderlinge wedstriidsjes |
| 11.30 oere | Pankoek ite |
| 12.00 oere | Ronde 2 – ôfslutende survival (âlders binne al wolkom!) |
| 13.30 oere | Ôfsluting keatskamp, elts giet wer nei hûs |





# Groepsyndieling trainen

**Kabouters**
*Corrie en Roelie Kroondijk*
*Nynke Paauw en cateringjokers*

Pytrik Ynema
Renko Ynema
Marrit v.d. Weij
Berber Sijbesma
Fenne Sijbesma
Femke Paauw
Hieke Jellema

**Welpen**
*Marco Rypkema*
*Rutger Sijbesma en Marrit Meijer*

Pieter Age v.d. Weide
Tsjeard Witteveen
Jarno van der Weij
Thymen Santema
Bauke Jan Dijkstra
Renate de Groot
Sanne Frouk Dijkstra
Tryntsje de Jong

**Pupillen Famkes**
*Jeska Terpstra en Dian Dijkstra*

Geertje van der Weide
Brecht Stegenga
Hester Witteveen
Tjitske Joustra
Fianne Dijkstra

**Pupillen jonges**
*Martzen Deinum en Halbe Willem Overal*

Sjoerd Galema
Theunis Ynema
Marijn de Groot
Sjoerd Andringa
Jarno van der Weij
Jorn Hiemstra
Sander Velzen
Lars Steehouwer

**Skoaljeugd**
*Johannes Hazenberg en Klaas Jelmer Hoekstra*
Ridzert Veldman
Redmer Stegenga
Jesper Paauw
Liset Sijbesma
Judith van der Weerdt
Anke Blanksma





## Lieding

Foar fragen as by needgefallen kin der belle wurde nei ien fan de ûndersteande telefoannûmers.

| | | |
|---|---|---|
| **Algemiene leiding** | keatskamp@kfeasterein.nl | |
| *PR/krante* | Imke v.d. Leest | 06 49 94 22 83 |
| *Katering* | Selma de Boer (mei Sieta) | 06 31 49 91 31 |
| *Trainers* | Marco Rijpkema | 06 13 68 08 66 |
| *Rekreaasje* | Sieta Tessemaker (mei Marije) | 06 20 12 22 96 |
| *Skoalleseize* | | 0515 33 17 00 |

**Trainers/Begelieders**
Marco Rypkema
Roelie Kroondijk
Corrie Kroondijk
Nynke Paauw
Rutger Sijbesma
Marrit Meijer
Jeska Terpstra
Dian Dijkstra
Martzen Deinum
Halbe Willem Overal
Johannes Hazenberg
Klaas Jelmer Hoekstra

**Kamp nijs**
Imke v.d. Leest
Tineke Dijkstra
Famke van der Veen
Marijke de Boer

**Katering**
Selma de Boer
Sieta Tessemaker
Sydrik Kooistra
Alien Dijkstra
Fetsje Terpstra
En alle 'bakkers'

**Rekreaasje programma**
Sieta Tessemaker







## Meinimlist





**Sportspul**
○ Keatswant
○ Wyn/reinjack
○ Foldwaande shirts
○ Fjildskuon
○ Trainingspak(ken)
○ Sportbroekje(s)
○ Foldwaande sportsokken
○ Rêchsek foar sportspul

**Sliepspul**
○ Luchtbêd (1 persoan graach op 1 persoansluchtbêd)
○ Kessen
○ Sliepsek



**Algemien**
○ Toilet- en brûsguod (toskeboarstel, handoeken en sa)
○ Sloffen of slippers
○ Nachtklean
○ Bûsjild (net te folle!)
○ Grutte jiskepûde (mei namme)
○ Klean mei foar frije tiid: waarm en wat wiet/smoarch wurde mei
○ Eventueel tafeltennisbatje mei namme meinimme
○ Bestek, beker en itensboard mei namme (leafst op tape, dat bliuwt better sitten)
○ Twa teedoeken foar korfee
○ Set oeral sa folle mooglik de namme derop
○ Nim in (strip)boek mei foar atst moarns (te) betiid wekker bist
○ Nim eventueel in spultsje of bal mei foar de frije tiid (wol diele en op eigen risiko)
○ Nim in setsje âlde klean mei en skuon dy't smoarch wurde meie, gjin learzen.
○ Ekstra foar de skoaljeugd: nim noch in ekstra setsje skjinne klean en in rau aai mei.

**Opmerkings**
○ Brûse is elke dei ferplichte, ek foar kabouters. Nim minimaal trije handoeken mei.
○ Yn de Skoalleseize kinne de bern eventueel 'wat lekkers' helje. In *lyts* bedrach hjirfoar is foldwaande.
○ Gjin tillefoan meinimme. At der belle wurde moat, dan kin dat by ús.
○ Eventuele 'gevonden voorwerpen' lizze tidens it kamp op in fêst plak en sille oars op tiisdei 7 maaie op it keatsfjild wêze.
○ Tidens it kamp hinget der in evaluaasjelist yn de Skoalleseize. Ha jim as âlders tips of ideeën? Set dizze der dan gerêst by!



## Katering

**Pankoekbakkers**
Alle minsken dy’t harren opjûn ha:
De yngrediïnten foar it bakken lizze woansdei by de start fan it kamp klear foar jimme om ophelle te wurden. Mocht dit dan lestich wurde, jou dit dan efkes oan by Selma (selmadeboer2001@gmail.com). Dan is der miskien in oar momint om de boel op te heljen.

Graach op freed de pankoeken om 11.30 oere yn de Skoalleseize bringe.

At it bringen net slagget op dat tiidstip, besykje dan earst sels it oplossing te sykjen. Slagget dit ek net, jou dit dan tidich oan, dan losse we dit oars op. Alle minsken dy’t harren opjûn hawwe, krije noch in persoanlike befêstiging.

Alfêst tige tank foar alle help!






## Bonuspunten!

**Staasjejild flessen**

Dit jier kinne de lege flessen alwer de earste bonuspunten opleverje. Dit jier yn de foarm fan legermedailles. In fry ienfâldige manier om fuort al te skoaren. Dus: net ferjitte en set se op jim paklist!

**Selfie op Facebook**

Meitsje in selfie dy’t mei it tema te krijen hat en set dy op facebook.nl/keatskamp. Hjirmei kinst ek bonuspunten binnen helje foar jim team. De moaite wurch dus!

## Fierders noch

Op kfeasterein.nl, facebook.nl/keatskamp, mar ek op Twitter en Instagram sille we jimme op de hichte hâlde fan alle nijtsjes tidens it kamp.

***Mei inoar hoopje wy der wer in pear prachtige dagen fan te meitsjen.***

***De groeten fan,***



***Selma, Marco, Marije, Sieta & Imke***